

Verslag van de vergadering van de raadscommissie van de gemeente Franekeradeel op donderdag 20 juni 2013 om 20.00 u. in het Gemeentehuis aan de Harlingerweg 18 te Franeker.

Voorzitter: L. Terpstra

Griffier: D. Kloosterman

Aanwezig: M. de Bok, S. Cnossen, T. Corporaal, B. van Dijk, J. Dijkstra, B. Goeman Borgesius, F. van der Hauw, H. Hof, D. Kamstra, B. Ouderkerken, C. de Pee, K. Stelma, K. Rodenburg, W. Spoelhof, T. Veenstra.

Afwezig: S. de Haan, T. Lap, M. de Roo, T. Wijkhuijs

Aanwezig namens het college van burgemeester en wethouders:

J. Bekkema, D. Osinga-Bonnema, T. Twerda, F. Veenstra, P. van Olphen (plv.-gemeentesecretaris)

Afwezig: H. de Jong

1. Opening en mededelingen

De **foarsitter** iepenet de gearkomste en hjit elkenien wolkom. Se merkt op dat de gemeente Harns net foar in fúzje is. Wy witte wêr't we oan ta binne en kinne foarútsjen.

2. Vragenhalfuur burgers

Hier wordt geen gebruik van gemaakt.

Mevrouw **De Pee** kan het punt 'vragen raadsleden' niet terugvinden in de agenda. Volgens de **voorzitter** komen dit punt aan de orde bij 4c.

3. Verslag van de vergadering van 16 mei 2013

It ferslach wurdt goedkard en fêststeld.

4. Info door- en overleg met het college /de burgemeester

4a. actieve informatie college

4.a.1. griffier: afwijkingen termijnagenda.

De heer **Stelma** vraagt wat de reden is van het niet op tijd aanleveren van de stukken.

Wethouder **Bekkema** geeft aan dat de mensen die daarmee belast zijn, op het moment overbelast zijn en dat het daardoor wat langer duurt.

4.a.2. college 28-05-2013: onderzoeksthema's doelmatigheid en doeltreffendheid 2014

De foarsitter jout oan dat as ûndersykstema keazen is foar de ymplemintasje fan it Klanten Contact Centrum.

De heer **De Bok** geeft aan dat bij de PvdA de voorkeur uitgaat naar het onderzoek naar de effecten van de stadspromotie.

Bij mevrouw **De Pee** stond dit ook bovenaan. Ze vraagt of dit ook in de evaluatie meegenomen kan worden.

De heer **Stelma** vraagt op welke wijze de effecten van de stadspromotie dan worden onderzocht. Burgemeester **Veenstra** geeft aan dat de stadspromotie op dit moment al wordt geëvalueerd. Een extern bureau heeft hier opdracht toe gekregen. Het conceptrapport hierover is bijna klaar en gaat via het college naar de raad. Het is daarom niet nodig dit volgend jaar nog een keer te onderzoeken. Het onderzoek naar het KCC is op dit moment een essentieel onderdeel van de organisatie. Het functioneert volgend jaar 1,5 jaar. Dat is een mooi moment om daarvan de werking te onderzoeken. We kunnen dan zien of het voldoet aan de verwachting en of het KCC daadwerkelijk in staat is 80% van alle vragen aan de balie af te handelen.

4.a.3. college 04-06-2013: intentieverklaring samenwerking ICT

De hear **Hof** merkt op dat de yntinsjeferklearing op 4 juny yn alle kolleezjes behannele is. Is der al in unifoarme beslútfoarming binnen? Neffens boargemaster **Veenstra** wurdt de yntinsjeferklearing kommende moandei tekene. Hy giet der fan út dat elkenien akkoart is.

4.a.4. college 04-06-2013: delfstoffenwinning

De hear **Dijkstra** freget of de sifers ek foarlein binne oan ferskate saakkundigen, omdat se troch oaren faak wer oars útlein wurde.

De hear **Van Dijk** sjocht dat der krekt binnen de marzjes bleaun wurdt, mar der hoecht mar wat te barren of it giet mis. It wetter stiet noch heech.

Wethâlder **Twerda** jout oan de sifers foarlein binnen oan Staatstoezicht op de Mijnen. Periodyk wurde se nei de partijen stjoerd. De sifers binne nedich om te beoardielen of se binnen de fergunning bliuwe. As se der oer hinne gean, geane we nei Den Haach.

4b. informatie en overleg

4.b.1. stand van zaken Sport- en Evenementencomplex De Trije: ter kennisname

De heer **Stelma** merkt op dat direct na oplevering al gebreken zijn aangetroffen. Steeds staat er dat gebreken in behandeling zijn of dat er gevraagd is dit te herstellen. Het lijkt of de gemeente lijdzaam toeziet. Is dit contractueel voor elkaar te krijgen of is er twijfel?

De heer **Spoelhof** fynt dat it oersicht fan mankeminten en gebreken hast dramatyske foarmen oannimt. Yn hoefier binne de bouwers oanspraaklik te stellen? Hoe hat dit plakfûn? Blykt no dat it behear net in primêre taak is foar it gemeentebestjoer? It gemeentebestjoer is net saakkundich. Dit byld docht de hear **Dijkstra** tinken oan it Fyra-rapport. Der binne in soad mankeminten en fouten. Fynt it kolleezje ek dat der tefolle mis is mei dizze hal? Komt dit noch wol goed of hawwe we in kat yn de sek kocht? We moatte earst de gebreken oanpasse en dan foldwaan oan de wetlike easken. Wat is hjir misgien en krije we it wol wer foar elkoar?

Mevrouw **De Pee** heeft dit 2 jaar geleden al aangekaart. Ze is geschrokken van deze lijst. We moeten onze verantwoordelijkheid nemen voordat er ongelukken gebeuren. Het is goed dat er met gebruikers wordt gesproken. Wat is hier misgegaan?

De heer **Hof** fynt ek dat der in soad gebreken binne. Twa jier nei de tiid moatte we dit ûnder eagen sjen. It is ûnbegryplik dat it sa lang duorre hat foardat it rapport der leit. Ek hy wol graach witte hoe't dit sa kommen is.

De heer **Ouderkerken** snapt ek net hoe dit sa kommen is. Hie dizze ûndernimming wol genôch kompetinsje om dit te bouwen? Hy slút him oan by de oaren.

Wethâlder **Twerda** begrypt de reaksje fan de riedskommissje. Der is in list mei echte en lytse problemen. Under de echte problemen falle de flier, de ferwaarming, de isolaasje en de skuorren yn de muorren. Mei de ferwaarming wienen al fan it begjin ôf oan al problemen. Der binne ôfspraken makke mei de ûndernimmer om dit te meitsjen. Ofrûne winter wie it lykwols ek noch net goed. De flier heart flak te wêzen. Foarich jier is de flier goedkard. Der wienen wol wat ûneffenheden. Dit jier is de flier wer teste, mar no foel de flier bûten de noarmen. Der binne hieltyd mear problemen mei it gebrûk. Der hat in spesjalist by west om alles op in rige te setten, hjir is dizze list út kaam. De flier is iepen makke en it blykt dat der konstruksjefouten makke binne troch de opdrachtfolger. In oantal punten fan de list is al útfierd, de rest is yn útfiering of yn besprek. De ferantwurdlikheid leit by de opdrachtfolger. Sommige punten, lykas de flier, kamen letter oan it ljocht. Sa'n konstruksjefout sjogge jo geandewei it gebrûk. In oarsaak fan de fouten kin wêze dat de sporthal boud is neffens de design en build-konstruksje. As gemeente stienen we op grutte ôfstân. De opdrachtfolger hat sels de hal net boud. De wethâlder giet der fan út dat alles hersteld wurdt troch de opdrachtfolger. By elke bou wurdt der nei 4 jier in risiko- en arbo-ynventarisasje dien. Dizze hat betrekking op de hiele hal. Feilichheid stiet foarop. Neidat der wat nei ûnderen kaam is, is de hele sporthal kwa konstruksje ûndersocht. Dizze is goed. De gemeente sjocht net duldsum ta.

De heer **Stelma** vraagt of alles wordt hersteld.

Wethâlder **Twerda** seit gjin inkele yndikaasje te hawwen dat dit net barre sil.

De heer **De Bok** vraagt of er onenigheden zijn of dat alles erkend wordt.

Wethâlder **Twerda** seit dat in soad erkend wurdt. In pear punten sitte yn de diskusjefaze. Fan in pear lytse dingen wurdt sein dat dy earder akseptearre binne, hjir kinne we no net op werom komme.

De heer **De Bok** vraagt hoe groot de discussiepunten zijn.

Neffens wethâlder **Twerda** binne de flier en de ferwaarming de grutste diskusjepunten.

De heer **Goeman Borgesius** merkt op dat als het bij de vloer een constructiefout betreft, dan hoeft daar toch geen discussie over te komen? Dit zou dan hersteld worden door de opdrachtgever.

De heer **Stelma** vraagt of alles hersteld kan worden of dat er zelfs nieuwbouw moet komen. De heer **Goeman Borgesius** vindt dat er nu meer onrust is. Een aantal punten was tijdens de bouw en bij de oplevering te constateren. Een aantal kwam later aan het licht. Design en build ontslaat de opdrachtgever niet van controle. Het klopt niet dat we er nu pas achter komen wat er mis is. Vanuit de opdrachtgever zijn hier fouten gemaakt. De selectie van de opdrachtnemer is niet goed geweest. Was deze competent genoeg? We krijgen nu pas het bewijs dat dit niet zo is. Tijdens de bouw hadden we moeten bijsturen, dan was de lijst korter geweest. Het is maar de vraag of de opdrachtnemer alles herstelt. Er moet geen open einde aan zitten. Hij wil duidelijk antwoord op de vraag welk risico de gemeente loopt. Design en build hoeft niet te betekenen dat we de vingers er afhouden.

De heer **Dijkstra** freget of de kâns bestiet dat de opdrachtnimmer it net dwaan of net drage kin. Wa kart wilens de bou? Wa hâldt alles dan yn de gaten?

Mevrouw **De Pee** hoopt dat dit hoofdpijndossier snel klaar is. Onder punt 3 wordt 4 keer het woord eventueel gebruikt. Wat is de eventuele kans dat de kosten voor de gemeente zijn? Misschien is dit een extra reden om te fuseren. We kunnen dan een bouwkundige in dienst nemen. De heer **Hof** freget oft dit op it buordsje fan de gemeente komt.

De heer **Ouderkerken** wol witte of dit in reden is om net wer design en build toe te passen. Wilens de bou is in oantal meiwurkers mei in listje mei klachten kaam. Hoe ferhâldt him dit listje mei dizze list?

Wethâlder **Twerda** seit dat der gjin nije hal boud hoecht te wurden. Dit is allegear te herstellen. De opdrachtnimmer docht dit op syn kosten.

De heer **Goeman Borgesius** wil een duidelijk antwoord op de vraag of de gemeente wel of geen financieel risico loopt.

Wethâlder **Twerda** jout oan dat de opdrachtnimmer ferplicht is dit te herstellen op syn kosten.

De heer **Hof** freget wat der bart as de opdrachtnimmer de stekker der út lûkt.

Wethâlder **Twerda** fynt dat we net yn as-as redeneringen tinke moatte.

De heer **Goeman Borgesius** weet nu dat we als gemeente geen risico lopen. Hij gaat er vanuit dat het bedrijf van de opdrachtnemer ook op termijn zijn afspraken kan na komen.

Wethâlder **Twerda** merkt op dat de opdracht 4-5 jier ferlyn jûn is. Hy moat der nochris goed oer neitinke of we nochris neffens design en build wurkjen sille. Jo moatte dan ek genoeg nimme mei it ûntwerp. It listje fan de wurknimmers is foar in diel meinommen. It oare diel net omdat by design en build in oar it ûntwerp makket.

De heer **Ouderkerken** freget of der by de gebreken no ek saken binne dy't op it listje stienen.

Wethâlder **Twerda** seit it net giet om punten dy't by de bou nei foaren kamen mar om punten dy't mei it gebrûk nei foaren kamen. De behearers komme wol dingen tsjin.

De heer **Goeman Borgesius** vindt dat er geen afstand hoeft te zijn bij design en build. De opdrachtnemer komt eerst bij de opdrachtgever voor een akkoord. We hebben dus wel invloed op het design. Is het design en buildverhaal wel voldoende gecontroleerd? Hoe is de directievoering georganiseerd?

Neffens wethâlder **Twerda** stean we ek net op folstrekte ôfstân mar wol op gruttere ôfstân fan de útfiering fan it wurk neffens in normale besteksituasje. Hy sil opsykje hoe de direksjefiering wilens de bou west hat.

De heer **Goeman Borgesius** wil weten of we dat zelf hebben gedaan of uitbesteed hebben en welke rapporten er van zijn en of constructieve gebreken toen niet zijn geconstateerd.

Wethâlder **Twerda** seit dat it lêste net sa is, oars hienen we it net akseptearre.

De heer **Dijkstra** fynt it frjemd dat de flier earst goedkard is en letter net mear. Wa hâldt de bou yn de gaten?

Wethâlder **Twerda** jout oan dat de flier in jier nei gebrûk goedkard is en no in jier letter net mear. Dit hat te krijen mei in konstruksjefout. Yn septimber komt der in update oer hoe't we der foar stean.

4.b.2. onderzoek beheersvorm sporthal De Trije: ter kennisname

De **foarsitter** jout oan dat de grûn en de gebouwen eigendom bliuwe fan de de gemeente.

Mevrouw **De Pee** vindt het goed om de privatisering te onderzoeken. Beheer van de sporthal hoort niet meer echt tot de taken van de gemeente. Mogelijk kunnen er ook meer evenementen in de sporthal gehouden worden. Het is een goed voorstel en ze is benieuwd naar de resultaten.

De hear **Dijkstra** hat net altyd goede ûnderfiningen by it útbesteegjen fan it beheer fan maatskiplik belangrike ynstellingen. It moat net sa wêze dat it net goed giet en dat we der letter dochs wer foar opdraaie. Hjir moatte we skerp op bliuwe. It is wol goed hjir even ûndersyk nei te dwaan. Der wurdt fan út gongen dat de ûndernimmer de saken better ûnder kontrôle hat. As men lykwols immen yn tsjinst hat dy't goed opdracht jout en romte krijt dan kin dizze persoan ek foar ferbettering soargje. De gemeente stiet dan noch wol sels oan it roer. Nei it ûndersyk moatte we sjen nei de mooglikheden.

De hear **Ouderkerken** twifelet ek. Is der net in spanningsfjild tusken kommersjeel beheer en gebrûk troch bygelyks Be Quick? By kommersjele hierprizen bestiet de kâns dat de gymnastykferiening stoppet. Hy wol leaver gjin taferielen lykas yn Menameradiel mei it swimbad. Hy is benijd wat de wethâlder hjirfan fynt.

De hear **Hof** wit ek ferkearde foarbylden om ús hinne en út it ferline. It rapport sjocht der goed út. We moatte de hân hâlde yn skoallen en ferienings dy't der gebrûk fan meitsje. Ferienings moatte net fuortjage wurde. Dit moat ek goed omskreaun wurde.

De hear **Spoelhof** fynt it in goed rapport. Ofstjitte is goed en nedich mitsdat der rekken hâlden wurdt mei de minsken, kontrakten en ferienings. Miskien soarget ôfstjitten foar in noch gruttere groei fan De Trije.

De heer **Stelma** heeft vooral gelet op de exploitatie. Nu de sporthal onder gemeentelijk beheer valt wordt voor de dekkingsgraad nog lang niet het potentieel gehaald. De voorbeelden geven goed aan waardoor dat komt. Er wordt niet gedacht aan evenementen op basis van winstdeling zodat een concert gratis wordt weggegeven. De reclameborden leveren te weinig op. De exploitant van de kantine is de enige die aan de weg timmert. De marktwerking is ver te zoeken in de exploitatie. Het moet anders. De aanbevelingen moeten doorgevoerd worden. Hij raadt het college aan De Trije op maximale afstand te zetten door optie 4 uit te werken. De investering in De Trije is zo enorm hoog t.o.v. de exploitatie-inkomsten. Het lijkt hem moeilijk De Trije op korte termijn helemaal op afstand te zetten, maar de 3^e optie moet in ieder geval goed bekeken worden. Als de gemeente de aandelen in bezit houdt, dan kunnen goede afspraken gemaakt worden over de exploitatie.

De hear **Dijkstra** freget de hear Spoelhof wat der bart as it net goed komt mei de eksploitaasje. De hear **Spoelhof** wiist op de situaasje yn Tsjummearrum. Dêr is in nije eigner kaam. Dy hat de sporthal renovearre en hat no in bloeiende eksploitaasje. Dit is in goed foarbyld. Wy ha sels de mankrêft en saakkundigens net om de sporthal te eksploitearjen.

De hear **Dijkstra** hat gjin antwurd krigen op syn fraach, mar lit it hjirby.

Neffens wethâlder **Twerda** liket it op it út hannen jaan fan de bedriuwsfiering fan it swimbad in jier as 10 lyn. De gemeente hat doe ek de kondysjes bepaald lykas foar de priis fan de swimbadkaartsjes. Dit gie doe ek goed. We moatte fan de foaren de kondysjes bepale. We moatte wat sizze oer it gymnastykûnderwiis, tariven foar sportferienings en it personeel. De exploitant moat syn brea ferstjinje en foar in part trochsluze nei de gemeente. Earst moatte de rânebetingsten en goede kondysjes fêstlein wurde, dernei kinne we ynskriuwe litte. It rendemintsferhaal spilet mei. De praktyk moat útwize of der op in goede manier ynskreaun wurde kin. We moatte goed yn byld bringe wat fan de gemeente en wat fan de exploitant ferwachte wurdt. Oangeande it gebou moat dúdlik wêze wat fan de gemeente en wat fan de exploitant is. By opsje 4 giet it om privatisearring wêrby't de gemeente eigner bliuwt en de bedriuwsfiering by in oar leit.

De **foarsitter** jout oan dat dit punt werom komt as budzjet frege wurdt foar ekstern advys.

4.b.3. ontwerp-bestemmingsplan Dongjum –“herstructurering Dongjum-Oost”: ter kennisname

De hear **Van der Hauw** sjocht op side 11, ûnder it kopke wetter wat stean oer de ôffier fan it himelwetter. Hjir stiet: *eventueel* wurdt dit dien. It wurdje eventueel kin om him wol skrast wurde, it moat gewoan útfierd wurde. It himelwetter moat ôffierd wurde op it oerflakwetter. We wolle net alles ynregelje, mar kin by eventuele bestemmingsplannen net opnaam wurde dat it ferstiennen fan de tunen net te folle bart. Ek fanwege de ôffier fan himelwetter.

Wethâlder **Bekkema** wil de opmerkingen fan de hear Van der Hauw meinimme yn de plannen. It binne goede suggestjes. Dat de oare partijen gjin opmerkingen hawwe sjocht er as in compliment foar it plan. Hy is wiis mei wenningbouferiening Noardwest Fryslân en tanket de rie foar it beskikber stellen fan it kredyt.

4.b.4. ontwerp-bestemmingsplan Franeker – Stationsbrug: ter kennisname

De hear **Ouderkerken** freget hoefolle heger de brêge wurdt en oft dit te krijen hat mei de wenten dy't flakby steane. De brêge soe ek 3 meter breder wurde. Wat betsjut dit foar de wenten dy't flakby stean?

De hear **Dijkstra** fynt it ferstannich de brêge heech oan te lizzen, it moat oanslute by de yntree fan de stêd. Anst komt der minder grut ferkear lâns. Wêrom moat de brêge dan dochs 3 m. breder? Neffens wethâlder **Bekkema** wurdt de brêge 1,5 m. heech, dit is net te heech foar de wenten om hinder fan te ûnderfinen. Dit hat gjin konsekwinsjes. Tsjin de hear Dijkstra seit er dat byld en kwaliteit besjoen wurde. De brêge komt sa fier mooglik nei foaren. De lengte fan de brêge is gelyk oan de breedte fan it kanaal. Der kinne dus bredere boaten tuskentroch as no. De brêge wurdt dus langer. De brêge wurdt 1 meter breder fanwege in skieden fyts- en kuierpaad.

4.b.5. in kaart bringen risico's gemeente Franekeradeel: ter kennisname

De heer **Goeman Borgesius** vindt dat in de aangeleverde informatie niets staat om wat over te zeggen. Als we een inhoudelijke discussie moeten voeren dan krijgt hij de volgende keer graag een duidelijker verhaal.

Wethâlder **Twerda** jout oan dat yn it senioarekonvint frege is om dit op de wurklist te setten. Opdracht is dat it kolleezje ris komt mei in prosesbeskriuwing oer hoe wy komme ta de ynskatting fan de risiko's yn relaasje mei it wjerstânsfermogen. By de nota Reserves en Voorzieningen is hjir it nedige oer ôfsprutsen. Hjir wurdt befestige hoe we dit dogge. It ferhaal fan de risiko's yn relaasje ta it wjerstânsfermogen makket anst ûnderdiel út fan de begrutting 2014. Dêrnei kinne we prate oer risiko's dy't de gemeente rint en de relaasje mei it wjerstânsfermogen.

4c. vragen raadsleden

Hier wordt geen gebruik van gemaakt.

5. Vorbereiding besluitvorming

Samenwerkingsschool Achlum: *richtinggevende uitspraak doen*

De hear **Veenstra** jout oan dat syn fraksje tefreden is as de skoalle falt ûnder it PCBO. De gearwurkingsskoalle is te lyts foar in nije bestjoersfoarm. Dit moat gjin blaudruk wurde foar mooglike gearwurkingsskoallen yn de takomst. Dan moat de situaasje op nij besjoen wurde. Yn de doarpen moat iepenbier ûnderwiis bliuwe. Hy hat respekt foar de âlders dat sy kieze foar gearwurking.

De hear **Van der Hauw** fynt it posityf dat it út it doarp sels komt, dat de bestjoeren it oppakt ha en der út kommen binne, dat de statuten oanpast wurde en dat it yn it riedsprogramma stiet. Hy is foar is foarstel. Hy merkt op dat it PCBO no plurifoarm ûnderwiis jaan moat, mar dit heart by it iepenbier ûnderwiis. It is pynlik dat de iepenbiere skoalle slute moat. Hy hat noch net op de webside fûn dat de statuten oanpast binne. Learkrêften dy't plurifoarm ûnderwiis foarstean kinne net yn tsjinst wêze fan it PCBO. Sy kinne dan detasjearre wurde fan Radius út. Wat bart der as it PCBO persoanlik oer hat? Hjiroer moat oerlein wurde mei de fakbûnen.

De hear **Ouderkerken** neamt it in nij fenomeen, want der binne noch mar 20 gearwurkingsskoallen. Der moast in kar makke wurde tusken iepenbier en kristlik ûnderwiis. It inisjatyf lei by de âlders. Miskien wie it better in kar te meitsjen oars moast der in skoalle ticht. Alders dy't al kieze foar spesifyk ûnderwiis kinne kieze foar in skoalle yn de buurt. Wêrom is eins keazen foar it PCBO? Is dit bart op basis fan in getalskritearium? Of hat dit mear in prinsipeel motyf? Binne de âlders sels mei dit foarstel kommen of is dit it resultaat fan it ûndersyk fan beide bestjoeren? Foar dizze skoalle sil in hiel nij team keazen wurde. Wat bart der mei it hjoeddeistige persoanlik dat net past by dizze nije fisy op ûnderwiis? Binne sy oerstallich?

De heer **Stelma** vindt het ondenkbaar om bijzonder protestants onderwijs samen te voegen met openbaar onderwijs. In Nederland is het mogelijk om te kiezen voor een school met een bepaald

profiel. Nu moeten we door een fusie het christelijke karakter loslaten en komt er een school met pluriform onderwijs. Hiermee wordt het stelsel in dit land ondermijnd. Dit komt vanuit het bijzonder onderwijs zelf. Dit vindt hij treurig, omdat hiermee een signaal afgegeven wordt naar de overheid. Het lijkt hem geen goed idee dergelijke experimenten toe te staan en hij raadt aan hier niet aan mee te werken. Dit kan voor de regering aanleiding zijn om afscheid te nemen van het mooie stelsel dat we nu hebben.

De heer **Spoelhof** merkt op dat de gemeente allinnich oanspraaklik is foar de húsfesting fan it ûnderwiis. Hy hat wurdearring foar de bewenners fan Achlum en foar PCBO en Radius foar it kommen ta dizze oplossing.

De hear **Dijkstra** seit tsjin de hear Stelma: tiden hawwe tiden. Hy hat sels ek op dizze skoalle sitten en fûn it altyd nuver dat der in muorre tusken stie. Hy sjocht dit as in wolkomme ûntwikkeling. It is gjin ûndermining fa it systeem. Hy is bliid dat it fanút de âlders komt en it is belangryk dat elkenien wolkom is. De keazen foarm liket de garânsje te bieden dat elk syn eigen ûnderwiis kieze kin. Hy hopet op grut sukses. It is moai dat it ûnderwiis yn Achlum sa bestean bliuwe kin.

De hear **Corporaal** is as CDA-er foarstanner fan frije skoalkeuze en frijheid fan ûnderwiis.

Gearwurking tusken skoallen is in goede saak, mar der sil romte bliuwe moatte foar ferskillende Godstsjinsten. Yn Achlum liket in iepen en tagonklike skoalle te kommen foar alle foarmen fan libbensbeskôging. As dizze yntinsje fan PCBO en Radius oer set wurde yn it beslútdokument dan kin it CDA har yn prinsipe fine yn it stiftsjen fan in gearwurkingskoalle yn Achlum.

Wethouder **Osinga** bedankt voor de complimenten richting de inwoners van Achlum. Het is vaak aan de orde geweest in Achlum en nu zijn we al zo ver. Er is waardering voor Radius en PCBO. PCBO moet de statuten aanpassen, dit verdient ook waardering. Er is voor gekozen alles zo transparant mogelijk te brengen. Het blijft maatwerk en zal geen blauwdruk worden voor andere dorpen. Er is gekozen voor het PCBO op basis van het getalscriterium. De Bongerd zal eerder omvallen dan Rehoboth. Als één omvalt dan heb je niets meer en ben je alle inspraak kwijt. De school is toegankelijk voor alle gezindten. De raad gaat niet over detachering. Het personeel moet de visie van de school onderschrijven. Is dit niet zo dan moet binnen het bestuur gekeken worden naar een andere school. Het is wel pionierswerk, maar geen blauwdruk. Ook in andere dorpen kunnen discussies komen. De heer Stelma mag een andere mening hebben. De eis van 100 leerlingen is van de baan, maar samenwerkingsscholen hebben de toekomst. “Tiden hawwe tiden”, misschien moeten we dingen anders doen. Er komt nog een beslisdocument, daarin worden alle garanties waar iedereen om vraagt verwerkt.

De hear **Van der Hauw** wol de 2 bestjoeren sukses winskje. Hy hopet dat it goed slagget. De frije skoalkar is der. It mei allegear wol gewoan skoalle neamt wurde, sûnder muorre of grinzen der tusken.

De heer **Stelma** spreekt van een schoolstrijd. Christenen hebben hun vrijheid bevochten om scholen in te richten. Dit is een zegen. Ook internationaal hebben we hierin een bijzondere plek. Deze zegen verkwanselen we als op deze manier te werk gaan en we suggereren dat onderwijs neutraal kan zijn. Je kunt kinderen meegeven dat ze respect hebben voor elkaar, maar je moet kinderen ook meegeven wat het doel van het leven, de oorsprong is. Je kunt niet meegeven dat God bestaat en niet bestaat. Neutraliteit bestaat hierin niet. We moeten niet het verkeerde signaal afgeven aan de hogere overheid.

De heer **Goeman Borgesius** vraagt of de heer Stelma een alternatief weet voor Achlum.

De heer **Stelma** vindt dat de beste school over moet blijven.

De hear **Dijkstra** merkt op dat der mooglikheden bliuwe om foar in oare skoalle te kiezen. Dit is in kwestje fan tiid. Mieningen feroarje.

De heer **Goeman Borgesius** vindt dat de heer Stelma voorbij gaat aan de meningen van het dorp.

De hear **Van der Hauw** neamt dit in foarbyld fan frije skoalkar.

De heer **Stelma** is van mening dat het erom gaat dat wat principieel juist is. Het gaat om het doel van het leven. Dit komt diep uit zijn hart.

De **foarsitter** konkludearret dat de mearderheid foar de plannen is en dat de Bongerd ticht giet. Dit sil letter werom komme yn de rie.

6. Sluiting

De *foarsitter* slút de gearkomste om 22.08 oere.